

# Ut in keatshúshâlding: de Holwerter Haantsjes



## Op 'e foto

Tante Janke hat har hiele libben kûpeuze west en jierrenlang naailessen jûn. Se kin it noch net litte en jou fan 't maitiid noch ien kear in koarte kursus, se hat har oerhelje litten troch har 'naaidames', omdat se it ek sok skitterjend moai wurk fynt.

As ik by tante Janke kom, hat se foto's klearsocht. Dêr is ek de famyljefoto by dy't nommen is op in sneintemoarn, wierskynlik yn 'e simmer fan '46.

'Us heit sjocht sa stûf, hy moast alle bern byinoar roppe en elk moast kreas op 't portret. As bern seagen wy it nut der net fan yn. Ik ha myn wurkklean noch oan, dat kaam, ik gie net mei nei tsjerke, mar woe it hûs wol oan 'e kant ha foar't it oan it kofjedrinken ta wie.

De jurken fan myn susters en dy fan ús mem hie ik makke. Ik moast ús mem har hier ek noch dwaan en ús mem moast de lytse poppe noch ferskjinje. En ús Pieter, dy stiet op 'e foto sûnder ûnderbroek oan. Dat kaam sa: ús mem sette sneons altyd de wash al yn 'e weak en de oare hong noch op 'e droechsouder. Omdat ús heit hastich wie, wie der gjin tiid mear om dy op te heljen.

Sa'n sneintemoarn wie hektytsk, dy ûnderbroek moast mem klearsykje fansels, wy hiene gjin eigen kasten, sy bewarre it linnenguod en it ûnderguod allegear yn ien grutte kast.'

## Gjin dûsen, mar in molkbus mei wetter

Us heit, Pieter, hat op in frachtwein riden, hat in dragline-ferhierbedriuw hân en sânsûge yn 'e Eeltsjemar (ûnder Rinsumageast, of sa't wy

Famyljefoto fan it gesin fan Ieme en Lambertha de Haan. Boppe: flnr: Hiele, Jipke, Pieter, Janke. Foar: flnr: Mark, Lambertha mei op de earm Bettie, Ieme en Sietske. (Foto: Ut argyf famylje De Haan)

*'Hoe wie it froeger yn 'e húshâlding foar de oare gesinsleden as twa bruorren altyd fuort wiene te keatsen simmerdeis?' Om dêr in antwurd op te krijen, ha ik sawol nei ús heit, de âld-keatser Pieter de Haan, yn Damwâld, as myn tante, Janke Walda, yn Valkenswaard, ta west. Ik ha fansels besocht om it petear dy kant út te krijen. Mar by beide kaam der safolle nei boppen dat it ek noch in toer wie om dêr in seleksje út te meitsjen.*

as bern altyd seine: De Geast). Heit hat it noch gauris oer 't keatsen en oer alles wat er dêrmei belibbe hat. Hoe't it no mei him is?

'Beweging wurdt net folle mear, it measte doch ik mei de auto. Simmerdeis ha 'k sa'n fyts mei in elektromoterke.

Ik bin fan '22, ik bin 84 jier.

Ik ha noch in protte aardichheid oan 't kaarten en 't biljerten, mar fierders ha 'k weinich ynteresses, dan sis ik: 'lit mar, want ik woln't.'

Fierder moat ik tefreden wêze mei hoe't it is.

It iten is myn alderminste, ik yt omdat it moat, oars iet ik noait wer.

Dingen fan froeger sitte my dwers, dy hâlde my wolris út 'e sliep, dan mealt it mar troch.

Wy ha 't froeger bêst genôch hân fan iten en drinken.

Mar sinten hiene wy noait.

As jonges, as wy te trochinoarlotsjen giene, dan krigest 50 sinten mei: in kwartsje ynlis, in pakje sigretten foar fyftjin sinten en twa ijsko's en dan wie't op.

Wy namen bôleboel mei, gjin drinken, ast toarst hiest, dan giest nei de kraan.

Doe't wy by de grutten kamen te keatsen, kaamst smoarch thús.

Dêr'tst dy ferklaaidest yn in tintsje of in hokje, dêr stie dan sa'n molkbus en dêr lei in handoek njonken. Mar ast der wat langer oanbleaust, wie't wetter op en de handoek wie smoarch, dan kaamst mei smoarge hannen en knibbels wer thús.

Nei it keatsen giene wy nei hûs, even in bytsje ite en dan troch nei de faam.'

### **De priis graach wat earder mei**

'In kear yn Wommels wûnen wy de tredde priis.

Ik nei 't bestjoer ta: 'mei 'k myn priis alfêst, dan

bin 'k ekris op 'e tiid thús.' Mar dat koe net, ik koe mar wachtsje oant it lêste ta: 'Jo wachtsje de priis-útrikking mar ôf.'

Nei de oarloch, ik tink dat it op in snein wie, yn Harns, wûn ik ek de tredde priis. Ik wer nei 't bestjoer. Freegje oft ik de priis ha mocht, want ik moast noch 50 km weromfytse.

'It kin eins net De Haan, eins moatte jo de finale noch even ôfwachtsje.' Wat die bliken? By de priis-útrikking krige ik in medalje foar de bêste keatser fan de dei. Wat wie 't gefal? Wy keatsten it kampioenspartoer derôf. Dat wiene Feite de Jager, Jan Rodenhuis en Frans Helfrich.

Nei de oarloch moasten wy altyd op 'e fyts hin.

Sa wie 'k kammeraat mei Sieberen Spanjer. Dat sneons op 'e fyts nei Berltsum en dan bleau ik dêr gauris in nacht oer. Dat wiene ek sokke bêste minsken, dy Wob en Jorntsje Spanjer.

Wob stie bekend as sympatisant foar de Dútsers. Dan soene wy ek wol op 'e Dútske hân wêze hin? Op sa'n manier krigen je wolris praatsjes. Mar ja, och...

Soms wie 't nachts ienen en twaën en dan sloech ik dêr op't rût en dan sprong d 'âld man yn 'e lange ûnderbroek út it bedsteed en liet my der yn.

Berltsum lei fansels middenyn it keatsgebiet, moai sintraal.'

Ek Janke hat moaie oantinkens oan it útfanhûzjen:

'Wy giene wol mei nei it keatsen ta, ús mem inkeld ekris. Wy útfanhûzen as famkes ek wol by Wob Spanjer en nei de oarloch útfanhûzen de oare keatsers en kammeraatkes ek wol by ús.

It koe allegear, wy mochten altyd elkenien meinimme. Dan woe ik it wat skjien en netsjes ha en dat foel net altiten ta.

Aldjiersdei, dan stie 'k sa'n hiele dei te oaljekoek-

bakken op sa'n 1-pits elektrysk ding. Dat hie Louw van Sinderen foar ús makke, dat wie sa'n útfiner. Hy hie ek in masyntsje ûntwurpen om lynoalje te meitsjen út koalsied, dêr bakten wy de oaljekoeken dan yn.'

### **Op sokken keatse**

'Wat wy oan hiene? No in shirt, in koarte broek en sokken. 'Us mem hat har dea stoppe op 'e sokken, it wie gjin weelde hin?' De sportklean fan de sneons moasten de sneins ek wer oan.

Ik ha noait in lange broek oan hân, wy keatsten allegear yn 'e koarte broek. Sportskuon wiene der net, koene wy ek net betelje.

Tante Janke hat in bealchfol wurk dien by ús yn 'e húshâlding, want nei de oarloch wiene der sân bern fansels.'

Wat seit Janke fan de keats-outfit?

Hiele en Pieter hiene fan dy Nassause sokken oan: sokken makke fan Nassaus jern. Dêr sieten swiere soallen ûndernaaid, it duorre lang ear't dy droech wiene.

Dy soallen wiene makke fan âlde rommel:

stikken fan âlde mansjesteren broeken. As se stikken wiene, wie 't dreech om se te meitsjen.

Faaks moast ik dat sneintemoarns noch ynoarder bringe.

Fierders hiene se in wyt bloeske mei koarte mouwen oan en in swarte koarte broek.

En altyd yn't pak derhinne fansels, want neitiid wie't gauris dûnsjen.

Ik hie de boardsjes fan 'e boesgroenen stiif fan 'e stisel.

Pieter syn hier moast ik ek yn 'e slach lizze.

Dan seine de fammen fan Pieter wolris: 'Wat hastû altyd in moai stiif boardsje om en wat sit dyn hier moai yn 'e slach.'

Dan sei er altyd earlik: 'Dat hat ús Janke dien.'



leme de Haan, de heit fan Pieter en Janke, mei syn keatstroofeeën. De foto is makke yn 1946.

(Foto: Ut argyf famylje De Haan)

### Susters dy't reedrieden

'Oer de húshâlding, dêr kin ús Janke mear oer fertelle. Us Sietske dy koe goed reedride, mar dy woe noait fuort. Oant in kear dat der yn Snits (neffens Janke wie it Stiens) in famkes-riderij wie. Dat ik prate krekt salang dat ús heit der mei har hinne gie en se wûn de twadde priis. In wike letter wie it kampioenskip fan Fryslân yn Frjentsjer. Ik moast mei seane ierappels nei Mantgum ta, of yn alle gefal dy hoeke. Ik op de weromreis nei Frjentsjer ta. Der stie in grut boerd mei de tiden fan de famkes derby. Sietske hie gjin fertrouwen yn harsels, dat ik mei Sietske oan 't praten. 'No moastst even oplette: dû kinst wol op ien nei it hurdste ride, dus ride bliksem!'

Sietske wûn wer de twadde priis.'

Falt dêr noch wat oer te melden?

It grappige is, dat tante Janke dit ferhaal noch even moai oan wit te follen, nammentlik dat Sietske op redens ried fan Janke har man, Leo, krekt slipe en wol.

Pieter wer oer de riderij:

'Ik ha praat as Brugman dat se trochsette soe, want erges koe se it hurdste, mar se wie net treend, se hie noait les hân yn starten en gean se mar troch. Se woe letter net wer.

Janke en ik ha beide ek in kear de priis wûn mei in lederiderij, mar fierder yn sportyf opsicht is hjir noait wat útkommen.'

Hoe hat Janke dy dûbele oerwinning op redens yn 't ûnthâld?

'Wy wiene wol in sportive famylje. In kear siet ús heit te kaarten yn hotel De Klok en doe wûnen Pieter en ik beide de earste priis mei it reedriden. O, wat hie ús heit in spyt dat er der net by wie.

Se ha ek wol mei my fuort west te reedriden.

Dan giene wy dêr yn sa'n âld brún Fordsje

hinne.

Ik koe der net oer, dy kjeld sa'n hiele dei en dan wat om te hingjen en sa no en dan ris te riden.

Ik wie net treend, ik op myn houtsjes en de oaren op noaren.

Der hat letter ek noch in man by ús oan west. Hy hie my riden sjoen en woe mei my pearke-ride, mar hy koe prate wat er woe, ik die't net.

Wiene der oare sportive aktiviteiten foar Janke?

'Feringa, in bestjoerslid fan de keatsferiening yn Holwert, dy woe it frouljuskeatsen der yn krije. Mar dat waard neat.

Wy giene nei de gymnastyk, dat wie it iennige en dat lei my wol. Dan hiene wy rayonwedstrieden yn Kollum. Dêr ha wy in nacht west. Mei de hiele gymnastykgroep wiene wy ynkerterd omdat it oarloch wie. De oare deis doe't wy thúskamen mei de priis, lei ús mem op bêd en ús heit siet yn 'e keamer te skriuwen en fierder wie der net ien thús te halleluja-roppen, dat foel my doe sa ôf.'

Hoe siet it mei oar fertier yn Holwert?

'Yn 'e simmer kuieren wy nei de seedyk. Yn 'e oarloch mocht ik op dûnsles yn Ljouwert. Mar dat wie ien kear en doe mocht it dûnsjen ek net mear fan 'e oerheid.

Ik gie ien kear wyks op naailes. Mar foar't it oan 't naaien ta wie, moast ik earst it ferstellen en fermeitsjen leare. Dêr fûn 'k neat oan, mar dêr-troch koe'k it wol goed. Sneons en sneins mocht ik jûns lêze fan ús mem. Us Pieter hie boeken fan freonen en dêr wie ik dan sa't it hiet te jong foar. Mar hoe't er se ek opburch, ik fûn se altyd en lêze koe'k gau genôch.'

### Oerwinning fan heit mei twa soannen

'It wie mei it keatsen krektlyk as mei it reedriden. Se ha ús noait wat leard, wy moasten it sels

mar wat útfine.

Sa'nen as Frans Helfrich hie ek lest fan 't skouder, mar dy gie der mei nei in dokter dy't dat wer oploste. Ik ha dy ûndersteuning net hân, wy moasten ús sels altyd alles sels mar leare.

Mei it ledekeatsen woene wy ek graach mei de grutten meikeatse, mar nee, wy wiene noch fierstente jong. Lammert en ik, beide noch ûnder de jonges yn Holwert, mochten ris mei de senioaren. It gie wol aardich knap. Ik hie in maat by my, dy koe foar minst krekt yn, dat ik sei tsjin him: 'Wolst graach de priis winne?' No, jawol fansels. 'No, wistst wat we dan moatte, aanst slacht Sape Terpstra op en dy jout meastal in snelle, platte bal. As Sape begjint te rinnen, dan rinstû ek. Dat sa barde it dat ik foaryn kaam en de bal fuortsloech. Se ha dy bal letter noait wer fûn. Doe wûnen wy de priis.

Fuort nei de oarloch doe't der wer keatst wurde koe, wiene der noch net folle keatsballen. Doe hat der ris in foarsitter fan in feriening by my west om te freegjen dat ik se net sa fier út slaan woe, want de ballen wiene hast op!

Der wiene ek wolris wedstriden fan ôfdielingspartoeren yn Sint Anne foar senioaren en dan kaam ús heit foar Holwert út. Tsjin Berltsum keatse en ús heit koe net in bal reitsje. Dan stie ik der by te gûlen, sa graach woe'k dêr yn 't perk stean. Se mienden dat ús heit better koe as my, mar dat wie sa net.

Myn moaiste oerwinning hat west op in earste-klaspartij (wat se no in haadklassepartij neame) yn Weidum. Us heit foarminst en balkeare. Mei Hiele en heit de priis winne op in grutte partij. Doe wiene wy op ús bêst fansels, de earste trije jier nei de oarloch.'

Hoe sjocht Janke dêr op werom?

'Us heit, dy wie sa grutsk dat er de priis wûn mei

syn beide soannen.'

### Foarút komme

'Us heit, dy wrotte him dea om in bytsje foarút te kommen yn de wearld, mar sinten, dêr moasten wy net oer prate.

Wy wiene wol faak thús, mar mei 't keatsseizoen wiest alle sneonen en sneinen fuort hin? It hat wol in haadsaak yn myn libben west; wy hiene ek oars net.

Ja, wy koene nei de Holwerter pier ta te swimmen. Dan stiene wy mei in âld fyts klear om in swiere koffer fan in badgast fuort te bringen nei de boat, yn 'e hoop in dûbeltsje of in kwartsje te krijen. Soms hiest trije kilometer tôge en dan wie't 'Bedankt hoor' en dan hie'k it smoar yn fansels. Mar ja, dy minsken hiene it ek krekt berekkene dat se op fakânsje koene, dêr koe gjin foaike mear ôf.'

'Ik ha de ambachtskoalle dien en doe in jier thús heit holpen by it terskjen. Ik ha krekt sa lang seurd dat ik wer trochleare mocht. Twa jier leard foar 'scheepswertuigkundige', mar ik learde net en doe mocht ik gjin eksamen dwaan. Gelokkich mocht ik noch in jier hinne en doe koe 'k steatseksamen dwaan yn Den Haach. Dat wie de moarns. Mar hoe kamen wy de moarns yn Den Haach sûnder auto? Wy giene de deis dêrfoar mei de trein nei Amsterdam, dêr wenne muoi Siets, dêr ha wy doe sliept.

Ien fan de eksaminatoaren frege my oer de skipfeartwetten ('Lear dy wetten út 'e kop, want dêr sakje in protte op.') No, ik hie dat boekje út 'e holle leard, dat doe't er my twa kear wat frege hie en ik wist it antwurd, sei er: 'Jij komt zeker uit Leeuwarden, dan weet ik het wel' en gie fuort.

It middenstâns-eksamen gie noch wer oars. Ik gie ien kear wyks nei Dokkum ta, mar net leare fansels.

Letter kaam ik der achter dat ik it papierke wol helje moast, eins. Dat ik leare. Earst skriftlik eksamen en doe mûnling, op 't Hearrenfean.

By de diploma-útrikking kaam de foarsitter nei foarren en rôp:

'Wil Pieter de Haan nog even naar voren komen?'

'Ik tocht, och heare God, bin 'k no dôchs noch sakke?'

'Ik moet je feliciteren, je hebt van de hele zaak de hoogste punten behaald.'

Ik wie de bêste man fan hûnderten. Dat hoechst der allegear net yn te setten, oars miene se ek noch dat ik in grutte opskepper bin.'

Wit Janke dit foarfal noch?

Janke kin noch oanfolje dat Pieter streekkrjocht fan it de nachts trochwurkjen op 'e terskmaschine yn de Noardeastpolder trochriden wie nei de eksamenútrikking op It Fean.

### Genôch iten en drinken

'Wat sichtsjen wie? It weet moast oan skeaven bûn wurde. Froeger diene de froulju dat.

Letter kaam der in masine dy't de skeaven op it lân brocht, dy't it weet snie en byinoar bûn.

As it droech wie, dan koene wy moarns om seis oere al begjinne, dan de hiele dei wurkje, nachts gewoan trochgean, oant de oare moarns seis oere ta.

Dan stapten wy yn 'e auto en dan bygelyks nei Harns ta te keatsen.'

It wie de bedoeling dat wy ús festigje soene yn de Noardeastpolder. Mar it jier dat it wêze soe, siet it tsjin. It rûn mis. De terskmaschine stie klear

op it lân, mar it reinde seis wike, dat it weet waard noait ien kear droech.  
 Wy wiene dêr mei sân man hinne en dy moasten allegear trochbetelle wurde.’  
 Janke follet letter oan: ‘Dêr hie de sfear yn ‘e hûs fan te liden, as bern fielden wy dat heit en mem deroer yn sieten. Heit liet de wurklju allegear putsjes dwaan, mar dat wie it doel net, se hiene terskje moatten fansels.’

‘Yn ‘e oarloch hiene wy it eins better as foar de oarloch. Wy hiene weet en brânstof om te ruiljen. Sa ha ús Hiele en ik yn ‘e oarloch beide

nochris in moai pak oanmetten krigen troch Wim Houwen yn ruil foar weet. Mar ek ruile ús heit dat foar sigaren en tabak.  
 Wy hiene sels in folkstúntsje en dêr hiene wy tabaksplanten ferboud.  
 Dat wie in bealchfol wurk. Dy tabaksblêden waarden oan paktried rige en te droegjen hong.  
 Dan giene se nei it tabaksfabrykje yn Drachten om der prûmtabak en shag fan meitsje te litten.  
 Wy ha noait gebrek hân oan iten en drinken.’

Wieke de Haan

## Keatsprestaasjes fan Ieme de Haan

St. Anne	13-07-1919	ôfd.	2e pr.	G.E. Feringa	W. Veldman	I. de Haan
Holwert	11-09-1920	f.f.	4e pr.	I. Bierma	W. Bierma	I. de Haan
Holwert	25-05-1922	f.f.	2e pr.	W. Veldema	Y. de Haan	
Dokkum	24-06-1922	ôfd.	2e pr.	G. E. Feringa	W. Bierma	I. de Haan
Raerd	02-09-1925	ôfd.	2e pr.	G. E. Feringa	J. Mulder	I. de Haan
Rie	08-07-1928	ôfd.	1e pr.	G. E. Feringa	F. Wiersma	I. de Haan
Achlum	08-07-1929	ôfd.	3e pr.	G. E. Feringa	F. Wiersma	I. de Haan
Bitgum	24-08-1930	f.f.	2e pr.	H. v.d. Molen	T. Bakker	I. de Haan
(Van Aismapartij)						
St. Anne	24-05-1931	f.f.	2e pr.	T. v.d. Rol	A.S. Dijkstra	I. de Haan
Holwert	21-05-1936	ôfd.	2e pr.	I. de Haan	E. Colmer	W. Colmer
Frjentsjer	29-05-1939	ôfd.	4e pr.	I. de Haan	P. de Haan	L. Heeringa
(Bûnspartij)						
Weidum	01-06-1946	ôfd.	1e pr.	I. de Haan	P. de Haan	H. de Haan

Ieme de Haan behelle yn syn keatskarriêre (1919-1946) yn de haadklasse twa earste prizen, sân twadde prizen en trije tredde of fjirde prizen. Yn totaal 23 punten. Oer syn oerwinning yn Weidum fertelt dochter Janke: “Us heit, dy wie sa grutsk dat er de priis wûn mei syn beide soannen.”